

## **Frysk op Ynsicht 2019-2020**

Ynsicht stiet midden yn in meartalige mienskip; de namme fan de skoalle is dêr al in oanwizing foar. It wurdt it noch meartaliger as jo goed beharkje wat der op skoalle praat wurdt: Nederlânsk, Frysk, bytiden Ljouwerters en in stikmannich oare talen.

Op grûn fan it destiidske fakoanbod hat Ynsicht yn it ramt fan it Taalplan Frysk (2016) fan de provinsje keazen foar Profyl B. Dat hâldt yn dat de measte fan de jildende keardoelen fan it fak oan de oarder komme hearre te kommen.

Taalferskaat betsjut meastentiids dat der by de bern (bytiden grutte) ferskillen yn taalbehearsking binne. Guont prate har hiele libben al Frysk, kinne it lêze en miskien sels skriuwe, oaren hawwe dat allegearre noch net dien, binne der bytiden mar kwalik mei yn de kunde kaam. Op Ynsicht wurdt rekken holden mei dy ferskillen.

Yn it skoallejier 2019-2020 stiet Frysk net mear alle wiken op it roaster as fak. Foaral it grutte taalferskaat op Ynsicht hat laat ta de kar foar in projektlike Frysk. Dy wurdt holden op twa mominten yn it skoallejier en sil nei alle gedachten tematysk fan opset wêze. Ferskillende aspekten fan de Fryske Taal en Kultuer wurde dan ûnder de oandacht fan de learlingen yn de earste klasse brocht.

Dêrneist hat Ynsicht de winsk om meartaligens dúdliker sichtber te meitsjen. Dat soe bygelyks kinne troch Fryske poëzy yn it gebou te toanen of hjir en dêr mear Frysk op te nimmen yn ynterne nijsbrieven.

## **Fries op Ynsicht 2019-2020**

Ynsicht staat midden in een meertalige maatschappij; de naam van de school is daarvoor al een aanwijzing. Het wordt nog meertaliger als je goed luistert naar wat er op school gesproken wordt: Nederlands, Fries, soms Leeuwarders en een stuk of wat andere talen. Op grond van het toenmalige vakaanbod heeft Ynsicht in het kader van het Taalplan Frysk (2016) van de provincie gekozen voor Profiel B. Dat houdt in dat de meeste van de geldende kerndoelen voor het vak aan de orde komen.

Taalverscheidenheid betekent meestal dat er bij de kinderen (soms grote) verschillen in taalbeheersing zijn. Sommigen spreken hun hele leven al Fries, kunnen het lezen en misschien zelfs schrijven, anderen hebben dat allemaal nog niet gedaan, hebben er soms nauwelijks kennis mee gemaakt. Op Ynsicht wordt rekening gehouden met die verschillen.

In het schooljaar 2019-2020 staat Fries niet meer elke week een lesuur op het rooster. Vooral de grote taalverscheidenheid op Ynsicht heeft geleid tot de keuze voor een projectweek Fries. Die wordt gehouden op twee momenten in het schooljaar en zal naar alle waarschijnlijkheid thematisch van opzet zijn. Verschillende aspecten van de Friese Taal en Cultuur worden dan onder de aandacht van de leerlingen in klas 1 gebracht.

Daarnaast bestaat op Ynsicht de wens om meertaligheid duidelijker zichtbaar te maken. Dat zou bijvoorbeeld kunnen door Friese poëzie in het gebouw te tonen of hier en daar meer Fries op te nemen in interne nieuwsbrieven.